

Kampioensljeppen yn Winsum:

in kostlike tradysje

DER wurdt to uzes gauris krimmenearre oer hwat mei in moade-wurd de „leefbaarheid“ op it boere lân neamd wurdt. It bitsjut sokssahwat as de mûglikheden om yn Fryslân hwat noflik libje to kinnen. Dy biwenberens wurdt dan alfolle socht yn autodiken, sportfjilden, bioskopen en skouboargen en dat binne sûnder mis dingen fan bilang, mar der wurdt wolris forgotten, dat der ek oare kanten oan it libben yn Fryslân sitte, dy't dat forbliuw draechlik, noflik, ja faeks wol tige de muoite wurdich meitsje kinne. Nea komme dy kanten better nei foaren as yn dizze simmerwikken, as skûtsjesilen, keatsen (PC likegoed as Freulepartij), ringriden (skielk op 'e Jouwer), iepenloftspul (nije wike to Jorwert), de fiskerijdagen fan Harns, it blomme feest fan Lippenhuzen en n't to forjitten it fierljeppen fan Winsum hieltiten wer tûzenen en tûzenen minsken lûke. Hwa't to uzes fuort wol, hoecht yn augustus en dêromtrint wier net forlegen to sitten en by al dy klachten oer dat wy sa efteroankomme, meije wy wol tankber wêze, dat Fryslân allengedurigen wer op eigen manneboet en út eigen bûse for wille en formeits, foar fleurige fordivedaesje en soun sportiviteiten soarget, dêr't oare lju apart foar nei it hege noarden ta komme!

GOED, hwat dizze sneontomiddel en Winsum oambilanget, it kampioensljeppen hie ditkear ek foargood alles mei: waer as side, in greate ploech ljeppers, lykas altyd wer in treflike organisasaesje, mar dêr kamen dan ek sa 'n foech trijetûzen man, jong en âld, lânslju en gasten om utens wei, op ta: in biwiis, dat it fierljeppen hieltiten in greater plak yn it Fryske folkslibben, as men wol: sportlibben, ynnimt. Hwat is it ûnderskied hjirre tusken sport en folksformeits? It falt faeks net ta om dat krekt oan to jaen, mar hwat ús fierljeppen sa populair makket, is grif it feit, dat it jin it iene amerij de hannen lûd op elkoar bringe lit foar de machtige prestaesje en de masterhaftige sprong, om op it oare momint jin fan herten laetsje lit om de brike setten fan ien, dy't boppe yn

'e pols hinget to spinfuotsjen en op it lêst dôch net oan de wisse ûndergong yn it kouwedrinken ûntkomme kin.

NJONKEN ús siet immen út it suden fan it lân. Hy wie de iennichste net-Fries net. Op de eartribune hawwe ek ditkear wer gâns lju fan kwizekwânsje út Hollân wei as hege gasten it seldsum skouspul op, oan, oer en net to forjitten yn de Sint Japik folge en de hear Miedema — dy't fan rjochten in applauske foar him allinne krige — docht goed wurk mei dizze propaganda foar Fryslân-lykas-it-is (oant yn de eigen tael ta). Mar hwer't de frjemden ek weikamen (Grands Rapids sels, hearden wy fan ien), hja fornuveren harren der alle-gearre oer, dat dit fierljeppen sa hiel oars is as hwat bytiden as sportmanifestaesje nei foaren brocht wurdt. Hjir gjin oergunst en gjin „doping“, gjin stikume fûfkes en gjin ûnforhoalene jild-sucht, mar yn sté ien greate folksfeest, fan de ljeppers ôf oan it folk op'e wâl ta. In feest mei flaggen en fanfare (aldergeloks gjin forsterkerlawael en plateblêrderij: in korps hâldt him ek wol ris stil, al sa noflik!), mei fleurige minsken dy't spontaenwel har uterje, mei in greate ienriedigens en in tige aparte sfear, mei triljende spanning oan'e iene en heech útslaende wille oan'e oare kant. In feest fan rêdde lichums en swypkjende polsen, fan dryste sprongen en swingende swaaijen, in sportive moeting fan linige feinten en frisse fammen en al hwat stive mannen op jierren, dy't likegoed noch net fan de pols ôfbliuwe kinne. In kriich tuskenhimel en wetter fan Biltkers en Waldtsjers, fan Klaikears en jong keardels út de Wetterlânsdouwen.

JA, dogge der langer ek al gjin Hoflanners mei, al joech de wurklist suver hwat diskriminearderich to hâlden: „zijn Hollanders, springen niet mee om het kampioenschap?“ It wiene gjin Friezen om utens, dizze mannen fan Noordealos en Linschoten, Bergambacht en Meerkerk, dy't op Winsum taset wiene, mar ljeppers, dy't yn it eigen wetterlân de pols ek gauris yn'e sleatten sette. Kaem dy S. Zijdenlaan yn groep II net fan Polsbroek? Nou, dat hja dêrre de

polo omraken brûke, liet Cor Oskam fan Bergambacht sjen, dyt mei syn 34 jier op twa sentimeter nei noch de 12 meter bisprong! Nei 't wy hearden, hawwe

hja dêrre nou ek in ljeppersboun oprjochte, dat opheden al sa'n 50 leden telt. Skielk alsa in kompetysje Fryslân-Hollân? Bêst — as it dan mar gjin „Nederlandse Bond van Polsstokverspringers“ wurdt!

Nou, foarearst hoege wy dêr gjin noed mei to hawwen, hwant Winsum binammen hâldt dizze middei mei soarch yn Fryske sfear en Fryske trant, oant de taljochtingen foar de mikrofoan ta, al koe der tonei wol hwat better om de suverens fan it Frysk tocht wurde. Oars: de Fryske humor dy't út de forsterker kaem, wie bytiden kostlik om oan to hearren en sa geef as kryt.

MEAR oanmerkinkjes? In stikmen-nich noch. Hwêrom — sa soene wy freegje wolle — moasten in protte lju op'e wâllen ûnder it ljeppen de lege iisbekerkes nou krekt yn de feart mikke; lyk foar de eartribune? En hwêrom woene guon fotografen en by de lêste sprongen ek frijhwat taskôgers sa't it liket mei alle gewelt aventûr rinne, dat der in ljepper tusken de minsken tolânne kaem? Dat der gjin ûngelokken bard binne, mei in greate wûnder neamd wurde, wylst boppedat sa'n kleauwen fan minsken oan'e oare kant it wetter dejinge dy't ljeppen moat — it kin hast net oars — ek frijhwat ûnwis makket. Gjinn plomkes, sil men freegje? Och, oan'e ein by de hwat houderige huldiging fan de trije kampioenen op it skavotsje hat de hear Hoogland dy plomkes al oan alle kanten en mei rjochten útrikt. Mar ien greate plom woene wy hjir dôch oanbiede oan dy fjouwer jonkjes van it oerhael, dy't mei har beide boatsjes sa kreas pontsje lutsen hawwe, trije ûren lang!

Ek dat wie in stikje „Winsum“, dat dizze kampioensljepperij ta in kostlike tradysje, ta in seldsum folksfeest makket.

(It forslach fan de wedstriid stiet op side 14).



Waernimmend-Kommissaris J. L. Hoogland rikt de prizen út oan de trije kampioenen yn Winsum. Fan lofts nei rjochts: Jikke de Jong fan Jidskenhuzen, George Valkema fan De Jouwer en Tsjalling Feenstra fan Stiens.